FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan it kolleezje fan Deputearre Steaten en de leden fan Provinsjale Steaten fan Fryslân.
Postbus 20120
9800 HM LJOUWERT

Drachten, 16 april 2005

Underwerp: *kearndoelen Frysk, ambysje en realisme*

Achte leden,

Mei fernuvering en grutte teloarstelling hawwe wy kennis nommen fan de reaksje fan deputearre Mulder om it demokratyske Steatebeslút oer de kearndoelen Frysk yn it Primêr Underwiis te beäntwurdzjen mei de driging om op te stappen, ynstee fan bliid te wêzen mei sa'n brede politike stipe foar it Frysk.

Spegeling fan de kearndoelen soe net 'realistysk' wêze. It begryp 'realisme' wurdt al hiel lang misbrûkt as it om de *emansipaasje* fan it *Frysk* giet, benammen troch de tsjinstanners dêrfan. Minsken as Kortenhorst tinke sels dat it Frysk in 'natuerlik' ferskynsel is, dat yn it ûnderwiis gjin stjoering nedich hat (*LC*, 'Laat Fries vooral iets natuurlijks blijven', 16-04-2005). Soe er dat foar it *Nederlânsk* ek wolle? Hjir blykt mar wer ris dat it dreech is om de monopolistyske Hollânske ûnderwiistradysje oan te taasten. Soms út eangst om de bern tekoart te dwaan, soms omdat der oare, gauris net útsprutsen, belangen meispylje dy't it tinken en hanneljen beynfloedzje.

Us stânpunt is jimme bekend. Wy hawwe jimme dat yn ús brief d.d. 23-02-2005 kenber makke. Yn dit brief, wolle wy, as oanfolling dêrop, ús ljocht benammen skine litte oer it begryp 'realistysk', dat hieltiten mar wer opdûkt as argumint *tsjin* it *hanthavenjen* of *ferbetterjen* fan de *formele* posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis. Wat men as *realiteit* of *wurklikheid* sjocht, is net neutraal of objektyf. Jins *ideeën* oer dy 'wurklikheid' spylje in wichtige rol. Sa tinke guon ek dat de bekende begripen *lykweardichheid* en *lykberjochtiging* net brûkt wurde kinne yn de diskusje oer it Frysk yn it ûnderwiis, omdat dit net 'realistysk' of 'pragmatysk' wêze soe.

***Lykweardigens en lykberjochtiging***

1. It bestjoer fan de FFU stiet op it stânpunt dat talen op harsels yn prinsipe *lykweardich* binne. Dat wol noch net sizze dat dy talen *lyk behannele* wurde. Yn 1985 hawwe de Steaten útsprutsen dat lykweardigens in fûneminteel prinsipe hearde te wêzen. Troch foar it Frysk út te gean fan lykweardichheid, kin it Frysk yn de realiteit fan de Fryske mienskip en maatskippij *stapke foar stapke* in folweardich plak krije neist de earste rykstaal.

Jins taal beskiedt boppedat jins *identiteit as persoan*. It ûnlykweardich behanneljen fan it ûnderwiis yn it Frysk en it Frysk yn it ûnderwiis (en de fierdere maatskippij) hat oant no ta tige *negative, destruktive* gefolgen hân foar de kennis fan en it respekt foar de eigen taal en dus foar de persoanlikheidsfoarming fan de Frysktaligen. En faak ek tige diskutabele *mearder*weardichheidsgefoelens fan de net-Frysktaligen as it oer it Frysk en it (winsklik) plak fan dy taal giet.

2. *Lykberjochtiging* soe ek *net reëel* wêze, sa wurdt wol ornearre, omdat it *tal oeren* en de *easken* foar it Frysk net *gelyk* wêze *kinne*. Wêrom soe dat gjin goed einperspektyf wêze? It model en de praktyk fan de trijetalige basisskoalle biede sa'n perspektyf. Fansels begripe wy ek wol dat men net fan de flier op de souder stappe kin. It rapport fan de wurkgroep *Herziening doelstellingen Fries in het P.O.* (2004) hat lykwols wiidweidich oanjûn hoe't dit probleem *oplost* wurde kin, nammentlik troch in groeimodel te hantearjen. Oan dat *groeimodel* heart it begryp 'realistysk' keppele te wurden. De kearndoelen jouwe allinnich it *ramt* oan foar it

ûnderwiisoanbod en de skoallen hearre har dan yn te spannen om foar alle bern in sa heech mooglik, kultuerpedagogysk ferantwurde nivo te heljen. Dat betsjut dus gjin *differinsjaasje op skoalnivo*, mar differinsjaasje op *taalnivo fan de learling*, sadat ek op bygelyks Ljouwerter basisskoallen elts bern syn gerak krije kin.

3. Rânebetingst is wol dat de *wil*, de profesjonaliteit en it materiaal oanwêzich binne om it ûnderwiis op dy wize te jaan. Neffens de FFU ûntbrekt it faak ek oan it earste en dan past it net om te sizzen dat de kearndoelen net realistysk binne. As men net *wol*, dan moat men jin net ferskûlje efter dat it net *kin*. Foar it *wollen* is in omslach yn it *tinken* nedich. Wy bringe op dit pas Hegel syn ferneamde útspraak yn it omtinken: 'Is der ienris in omwinteling yn it ryk fan de ferbylding teweibrocht, dan is de *werklikheid* dêr net tsjin bestân'. Sa'n perspektyf op it begryp *realiteit*, *realistysk* of *realisme* past ús yn Fryslân better. Dêr sil de provinsje dus op ynsette moatte en net op it oantaasten fan wêzentlike útgongspunten op grûn fan wat by guon foar 'pragmatysk' trochgean moat. It boppeneamde groeimodel is allinnich *pragmatysk* en *realistysk* as **middel** op wei nei in - ***yn prinsipe*** - *folsleine* twataligens foar alle bern. Dat wol sizze dat der rekken holden wurdt mei har (ûn)mooglikheden. In wetlike *differinsjearring yn* ***doel****stellings* foar Frysk is dus, lykas by de kearndoelen foar alle oare fakken, oerstallich.

Okkerdeis hat deputearre Mulder in sertifikaat útrikt oan bernedeiferbliuw *Bernestate* te Ljouwert. De *fiertaal* yn de Fryske groep - ek tsjin de net-Frysktalige pjutten - is *konsekwint* Frysk. De âlden keazen derfoar en it *kin* yn de realiteit. Wat sille de Ljouwerter basisskoallen sizze en dwaan as sokke bern strak as fjouwerjierrigen ynskreaun wurde? Wêrom tinkt de deputearre dat soks op in deiferbliuw wol kin (d.w.s. *realistysk* is) en letter op de basisskoallen net?

4. Minister Remkes hat by syn besite foar de ûndertekening fan it útfieringskonvenant op 14 maart 2005 it kolleezje warskôge dat net de ryksoerheid, mar it provinsjebestjoer de *earst*ferantwurdlike oerheid foar it Frysk is. Hy referearre doe mei rjocht oan it beslút fan de Steaten yn 1985. De provinsje moat, no't it der op oan komt, dêr ek foar stean en moed toane!

De bestjoeren fan de FFU en de Ried fan de Fryske Beweging roppe Kolleezje en Steaten op om harren ferantwurdlikheid foar it Frysk yn it ûnderwiis folslein te nimmen en wier te meitsjen. It is *realistysk* om in emansipaasjeproses op gong te bringen en dêrby fan in *heech ambysjenivo* út te gean. Sa'n heech ambysjenivo is der wat it ryksregear oanbelanget, foar it Nederlânsk ek. Ek foar fan-hûs-út oarstaligen. Dêrom hoecht de formulearring fan de kearndoelen Frysk - yn ferliking mei dy foar Nederlânsk - net oantaast (ôfswakke) te wurden.

Dêrnei moat der noch hiel wat dien wurde op it mêd fan *ynformaasje*, *profesjonalisearring*, *tafersjoch* en *reguliere, objektive toetsing* fan de Fryske-taalfoarderings fan alle learlingen. De FFU is ree dêr syn bydrage oan te leverjen.

Mei rju achtinge,
foar de *Feriening Frysk Underwiis* en de *Ried fan de Fryske Beweging*,

Th. Dykstra, foarsitter FFU
J. van der Bij, foarsitter fan de RfdFB
S.T. Hiemstra, skriuwer FFU

*Ofskriften:*
- LC, FD, Omrop Fryslân
- Berie foar it Frysk
- Konsultatyf Orgaan